

5. Wat moai!

Hiske, Hinke en Wopke hawwe al in pear kear bernetsjerke hân.

Pake Gurbe en muoike Akke hawwe doe ek in kear ferteld oer it hillich nachtmiel. Us bern hienen wol in kear troch ús kykgatsje sjoen dat de minsken yn de tsjerke oan in lange tafel sieten.

Hja krigen doe in stikje bôle fan in moai sulveren bledsje. De minsken pakten ek om bar in grutte sulveren beker. Hja dronken dêr ien slokje út en joegen dy beker dan troch oan dyjinge dy't neist har siet. Wy wisten fansels wol dat de minsken hiel wat bysûnders dienen. *Wêrom* as hja dat dienen, dat wisten wy net krekt.

Pake hat it dêrom yn de bernetsjerke ferteld. Pake sei: "De Heare Jezus hat tsjin de minsken sein dat hja mei inoar it nachtmiel fiere moatte. De Heare Jezus noeget alle minsken út dy't fan Him hâlde. It jout neat oft hja earm binne of ryk. It makket ek net út oft hja âld binne of jong.

Alle minsken wurde noege om te fieren dat Jezus fan harren hâld".

Pake skrabbe him ris efter syn grize ear en doe sei er: "De koster hat hjoed oan it poetsen west. Sille wy efkes sjen oft dy sulveren beker dêr noch stiet?" Doe binne wy yn optocht ûnder de trap fan it oargel trochrûn nei de tafel dêr't pake tocht dat it sulver stie.

En ja hear! Heech op 'e tafel, dêr stie it. Pake koe sa heech net klimme. Muoike Akke doarst net fanwegen har sneinsk jurkje. Tytsje doarst ek net, mar de bern en ik wol. Doe't wy by de moaie glimmende beker stienen, wienen wy stil fan bewûndering. Op de beker stie ek in jiertal: 1866. Dy beker is dus al folle âlder as hûndert jier! Hiske fielde oan de skitterjende glêde beker. Wopke hâlde earbiedich syn hannen op 'e rêch. Wy wienen alle fjouwer bliid dat wy tsjerkemûskes wienen. Wy meie wenje yn in tsjerke dêr't de minsken de leafde fan de Heare God fiere. No, as jo dan noch net bliid wêze kinne, dan kinne jo dat nea!

No, oant de oare kear. Goeie! Tynus, de tsjerkemûs fan de Terp.

